

Wy sykje:

# BEDRIUWSKUNDIGE (ÔFSTUDEAR) STAZJÊR (FULLTIME)

Omrop Fryslân is in multymedia bedriuw, folop yn ûntwikkeling. Neist regionale radio, telefyzje en online-aktiviteiten, meitsje wy ek programma's foar de lanlike publike omrop; dokumintêres en skoaltelefyzje. Omrop Fryslân heart ta de bêst beharke en besjoene regionale publike omroppen yn Nederlân. Omrop Fryslân wol regionaal werkenber, aktueel, ûnôfhinklik en belutsen wêze. En Frysk; it poadium foar maatskiplike diskusje yn dizze provinsje, belutsen by en ûnderdiel fan it alledeiske Fryske libben.

## De opdracht:

De ôfdielingen Finânsjes & administraasje, P&O en PPA (planning, produksje & argyf) wurkje op ferskate manieren mei inoar. Sy hawwe har eigen oandiel yn in proses. Al dy stikjes fan ôfdielingen wolle wy yn in AO/IC hânboek opnimme. Sa moat dúdlik wurde wat de wurkwize is. Dat kin de organisaasje brûke foar de oergong nei in salaris- en personielsysteem, mar ek foar it gefal der in meiwurker útfalt. Troch mei te rinnen en ynterviews te dwaan kinste dyn ynformaasje ophelje. It resultaat fan dyn ûndersyk kin it hânboek wêze, mar it mei ek in advys wêze hoe't wy it hânboek meitsje moatte.

## Wy sykje in stazjêr dy't:

- Yn it 3e of 4e jier sit fan in hbo-oplieding.
- In oplieding folget dy't te krijen hat mei bedriuwsprosessen (Bedrijfskunde/BKM).
- Ferstân hat fan administraasje.
- Foar 5 of 10 moanne it ûndersyk dwaan wol.
- De Fryske taal ferstean en lêze kin (it ûndersyk & hânboek hoege net yn it Frysk skreaun te wurden).
- Net bang is om ynterviews ôf te nimmen.
- Graach kennis opdwaan wol oer de administrative prosessen.

## Wy biede:

- In útdaagjende staaasje dêr'tsto alles mei krigest fan de administrative prosessen.
- Staazjefergoeding: 250,- (bruto) de moanne by in staaasje fan 36 oeren wyks.
- Folop romte foar dyn persoanlike ûntwikkeling.

## Sollisitearje?

Dat kin troch dyn sollisitaasjebrief mei cv te uploaden yn it sollisitaasjeformulier op ús webside:  
[www.omropfryslan.nl/vacatures/staazje](http://www.omropfryslan.nl/vacatures/staazje)

Foar mear ynformaasje kinste kontakt opnimme mei Egbert van Dijk, Controller, fia telefoannûmer 058-2997701.

Akwisysje nei oanlieding fan dizze fakatuere wurdt net op priis steld.